

PEASKEMOARN 16 APRIL 2006  
OM 9.30 OERE YN DE GRIFFORMEARDE TSJERKE TE WINSUM  
UTSTJOERING OMROP FRYSLÂN

Foargonger: ds. Tytsje Hibma  
M.m.f. Telling Voices, Minnertsgea  
Oargelist en dirigint: Dhr. Dirk Norbruis

IT OARGEL SPILET

WOLKOM

Goemoarn gemeente en gasten,  
ek de minsken dy't mei ús ferbûn binne fia de radio.  
Hjoed fiere we it Peaskefeest,  
de Hear Jezus Christus is wierliken opstien út 'e dea.  
Wat in blidens, wat in ljochte dei.  
Der is safolle yn ús libben en yn ús wrâld dat ús net bliid makket,  
dat ús fertriet jout, dat ús bang makket en skuldich, en ús bestean fertsjusteret.  
Sa is ús Hear Jezus ek syn wei gien troch it tsjuster en troch de dea.  
Mar hjoed meie we fiere dat God ús net loslit,  
dat wy mei Jezus opstean meie as nije minsken yn Gods ljocht.

YNTOCHTSLIET: SJONG MAR MEI 84

STIL GEBED - BEMOEDIGING EN GROET

Lit ús no stil wurde, ús hert keare ta God en bidde om in seine oer dizze tsjinst.

--

Wy meie inoarren bemoedigje om't ús help is yn 'e namme fan 'e Ivige  
dy't himel en ierde makke hat,  
dy't trou bliuwt oant yn ivichheid en net loslit it wurk fan syn hannen.  
Genede mei jimme wêze en frede fan God ús Heit,  
fan de Hear Jezus Christus, yn 'e mienskip mei de Hillige Geast. Amen.

GEBED OM ÛNTFERMING

- Tankber en bliid komme we dizze moarn by Jo, God fan ús heil,  
omdat Jo ús net oerlitte oan ússels, oan de macht fan tsjuster en dea,  
mar ús ta nij libben roppe yn jo ljocht. troch ús Hear Jezus Kristus.

- Op dizze Peaskemoarn bidde wy  
foar alle minsken foar wa't it libben tsjuster is  
om alles wat sear docht en brutsen is yn ús bestean,  
om sykte en gemis, ûnbegryp, bitterheid en iensumens.  
Hear, ûntfermje Jo.

- Op dizze Peaskemoarn bidde wy  
foar alle minsken yn dizze wrâld dy't lije ûnder ûnrjocht en geweld,  
bern en grutte minsken dy't net meidwaan meie, oan 'e kant set wurde,  
bern en grutte minsken dy't misbrûkt en mishannele wurden  
bern en grutte minsken dy't hongere en toarst hawwe,  
dy't ferfolge wurde en op 'e flecht moatte.

Hear, ûntfermje Jo.

- Hear, om jo genede en trou roppe wy Jo oan:  
fernij ús libben yn jo leafde, ferlos ús wrâld fan it kwea  
en lit jo keninkryk komme, om Jezus' wol.  
Amen.

## TELLING VOICES SJONGT IN LIET

### GEBED OM LJOCHT FAN 'E HILLIGE GEAST

Barmhertige God,  
Jo roppe ús om op te stean, oerein te kommen.  
Peaskeminsken, bern fan it ljocht,  
dy namme is ús jûn.  
Mar, Hear, wy hawwe net de amme,  
net de krêft fan geast om stean te gean,  
ferlamme as wy binne troch de soargen om ússels.

Dêrom bidde wy Jo God,  
om it ljocht en de krêft fan jo Hillige Geast  
dat wy jo ropstim hearre sille,  
dat jo wurd libben wurd yn ús bestean.  
Ferbyn ús wêzen oan jo Soan,  
ús Hear Jezus Kristus,  
dat wy mei him oerein komme,  
en libje ta jo freugde en ear,  
Peaskeminsken, bern fan it ljocht.  
Amen.

Ljocht - tsjuster - ljocht,  
dat is it tema fan it Peaskeprojekt fan 'e bern.  
Yn 'e 40-dagetiid ha we lêzen út it begjin fan 'e bibel,  
hoe't God it ljocht makke en de minsken en it paradys,  
mar ek hoe't it tsjuster waard doe't de minsken har fan God ôfkearden.  
En we hawwe lêzen út it evangelje,  
hoe't Jezus kommen is om minsken werom te bringen yn it ljocht fan God.  
De lieding fan 'e bernetsjinst sil dêr mear oer fertelle.  
Tuskentoch sjonge we de lieten dy't hearre by dit projekt.

### TEKSTEN 'LJOCHT - TSJUSTER - LJOCHT'

#### Ljocht en libben

Yn it begjin wie alles leech en tsjuster.  
Doe makke God it ljocht en it ljocht wie goed.  
En God makke see en lân, blommen en grien, sinne, moanne en stjerren,  
fûgels en fisken, de bisten op it lân.  
En God makke de minsken, nei syn byld. En alles wie moai en goed.

#### Minsken yn it ljocht

God makke in prachtige tún yn Eden. It wie in paradys foar Adam en Eva.  
Sy soargen foar de blommen en de bisten,  
se wiene lokkich mei inoar en kamen neat tekoart.

En it moaiste kaam noch yn 'e jûntiid: dan kaam God en prate mei harren as in freon.  
En alles wie moai en goed.

#### Minsken yn it tsjuster

Alles wie moai en goed yn de tún fan Eden.  
Mar doe kaam der in slang by Adam en Eva:  
Dy sei: 'As jimme ite fan de fruchten fan dy beam,  
dan wurde jimme as God, dan witte jimme fan goed en kwea.'  
Dat woene de minsken wol en se ieten fan de beam.  
En ja, doe wisten se fan goed en kwea.  
Se skammen har en krûpten fuort foar God.  
Tsjuster waard it en se moasten út it paradys.  
Mar God gong mei harren mei.

#### It tsjuster en de dea

Adam en Eva hiene twa soannen. Kaïn wurke op it lân en Abel paste op 'e skiep.  
Abel bleaun ticht by God mar Kaïn socht it kwea.  
En Kaïn waard jaloersk op Äbel. Hy tocht dat God mear hold fan Abel dan fan him.  
En úteinlik slûch er Abel dêrom dea. Doe frege God oan Kaïn: 'Wêr is dyn broer?'  
'Wit ik net,' sei Kaïn, 'moat ik soms op him passe?'  
Ja Kaïn, dat soe God graach wolle, dat minsken passe op inoar.

SJONGE: BEGJINLIET

TEKSTEN 'LJOCHT - TSJUSTER - LJOCHT'

#### Ljochtstrielen yn it tsjuster

It libben fan de minsken wie net sa moai en goed mear as yn 't paradys.  
As it ljocht wie drige altyd wer it tsjuster en de dea.  
Doe stjoerde God syn soan, de Hear Jezus, om ljocht te bringen op de ierde.  
Jezus help de minsken en fertelde fan Gods leafde,  
mar hy prate ek oer tsjuster en oer dea.  
Hy sei: 'In siedsje stiêrt yn it tsjuster fan de ierde mar dan groeit dêr út in nije plant.  
Sa sil ik lije en stjerre om it tsjuster fan de sûnde,  
mar yn myn dea groeit der nij libben foar de minsken.'

#### Tsjuster en ljocht

It is gongen lykas de Heare Jezus sein hie.  
De minsken paken him en hongen him oan 't krús.  
Doe waard it tsjuster oer de hiele ierde. En it waard tsjuster foar de Heare Jezus sels.  
Hy rôp: 'Myn God, wêrom ha jo my ferlitten?' En hy stoar, allinne, oan it krús.  
Mar tagelyk skuorde doe it foarkleed fan de timpel.  
It wie in teken dat God sels oan de minsken jûch.  
Troch Jezus' dea gean de doarren foar ús iepen en helle God ús, as syn bern, bliid yn 'e hûs.  
Sa wurdt dy dei fan tsjuster foar ús ljocht.

#### It ljocht oerwint

No is it Peaske en Gods sinne skynt. Alles mei groeie en bloeie op dizze nije moarn.  
It ljocht oerwint. De Hear is opstien út de dea.  
En wy minsken, lyts en grut, wa't wy ek binne, wêr't wy ek binne,  
meie mei Him opstean en libje yn it ljocht en de leafde fan God it libben yn 'e mjitte.

SJONGE: 't IS PEASKE (ûnder it neispol geane de bern nei de bernetsjinst)

SKRIFTLÊZING: LUKAS 24: 1-12

1. De earste deis fan 'e wike gongen se ier en betiid nei it grêf, mei de swietrokige krûden dy't se klearmakke hiene, by har. 2 Se seagen, dat de stien al foar it grêf wei rôle wie. 3 Se gongen deryn, mar it lichem fan de Heare Jezus fûnen se net. 4 Se wisten net wat se deroan hiene. Ynienen stiene der twa mannen yn blinkend wite klean by har. 5 Se waarden tige kjel en sloegen de eagen foardel, mar dy twa seinen tsjin har: Wat sykje jimme de libbene by de deaden? 6 Hy is hjir net. Hy is ferriisd. Tink oan wat Er jimme sein hat, doe't Er noch yn Galiléa wie. 7 Hy hat sein, dat de Minskesoan oerlevere wurde moast yn 'e hannen fan 'e sûnders, dat Er krusige wurde soe, mar de tredde deis ferrize. 8 Doe kamen dy wurden fan Him har wer yn 't sin. 9 En doe't se fan it grêf werom wiene, fertelden se al dy dingen oan de alve en alle oaren. 10 It wiene Maria fan Magdala, Johanna, en Maria, de mem fan Jakobus. Ek de oare froulju dy't by harren wiene, fertelden de apostels itselde ferhaal. 11 Mar dy like dat healwizepraat ta en se woene har net leauwe. 12 Mar Petrus gong oerein en rûn hurd nei it grêf ta. Hy bûgde him foaroer en seach de wynsels en oars neat. Doe gong er fuort, ferwûndere oer wat der bard wie.

TELLING VOICES SJONGT IN LIET

FERKUNDIGING

As der immen stoarn is,  
dan sizze de minsken wolris: yn de geast libbet er dochs troch by ús.  
We tinke oan dy mins dy't wy leafhiene,  
wy wolle har of him graach fêsthâlde, yn oantinken hâlde,  
we bewarje dat oantinken yn ús hert  
en dan sizze we: sa libbet dy mins noch troch yn ús.  
En dochs witte we: we moatte loslitte, ûnûntkomber.  
Sa ferrint ús fergonklike minskelibben.

Der binne ek minsken dy't fan Jezus sizze:  
Jezus is stoarn oan it krús, mar yn de geast libbet er dochs yn ús troch.  
Syn leafde, syn wiisheid, syn goedens, dat drage wy mei yn ús hert.  
Mar dat ferhaal dat Jezus opstien is út 'e dea, dêr kinne we net by.

En no hawwe we niis út it evangeelje lêzen, oer it lege grêf.  
It is in oangripend en minsklik ferhaal  
fol fan leafde en fragen, skrik, ûnleauwe en ferwûndering.  
De leafde fan de froulju, dy't mei krûden nei it grêf geane,  
harren fragen as se de stien foar it grêf wei rôle fine,  
harren skrik om dy blinkende figueren, en dan dat boadskip:  
Wat sykje jimme de libbene by de deaden? Hy is hjir net. Hy is ferriisd.  
En as se fertelle wat se meimakke hawwe is dêr it ûnleauwe fan 'e apostels  
- healwizepraat - mar ek de ferwûndering fan Petrus, dy't allinne de wynsels mar seach.

It is in oangripend en minsklik ferhaal,  
mar net it ferhaal fan minsken dy't sizze: we moatte Jezus misse,  
mar yn ús hert drage wy him mei, yn 'e geast libbet er yn ús troch.

As wy de bibel - Gods wurd - leauwe meie, dan is dêr wat wûnderliks oan 'e gong,  
op dy Peaskemoarn nei de sabbat, op dy earste dei fan 'e wike.

In swiere stien wei rôle, in leech grêf, in pear blinkende boadskippers  
en dat berjocht: Wat sykje jimme de libbene by de deaden? Hy is hjir net. Hy is ferriisd.  
Jezus hie it ommers sels sein:  
dat de Minskesoan oerlevere wurde moast yn 'e hannen fan 'e sûnders,  
dat Er krusige wurde soe, mar de tredde deis ferrize.  
En op dizze moarn fine dy wurden fan Jezus wjerklank by dizze froulju,  
en se geane op wei, fertellen alles wat se meimakke hawwe.  
En ynearsten binne der twa reaksjes:  
de apostels dy't der net oan wolle: healwizepraat  
en Petrus, dy iene apostel dy't nei it lege grêf giet en him ferwûnderet.

No is it tema fan dizze moarn: it ljocht oerwint.  
Oer ljocht en tsjuster kinne we krekt sa prate as oer libben en dea.  
As it tsjuster is yn ús libben, yn ús wrâld,  
dan sizze we wolris: ja mar as der yn ús hert mar ljocht brânt.  
We tinke oan moaie wurden en blide dreamen,  
we sprekke ússels en oaren moed yn en sizze,  
om it mar mei de wurden fan folkssjonger Ede Staal te sizzen:  
“t Het nog nooit, nog nooit zo donker west  
of t wer altied wel weer licht”  
En dochs witte we, as we it ûnder eagen doare te sjen:  
ienris wurdt it tsjuster, foar elk fan ús, ûnûntkomber.

Mar as wy de bibel - Gods wurd - leauwe meie,  
dan is der ek mei dat ljocht wat wûnderliks oan 'e hân.  
Jezus hat sein (it stiet yn Jehannes 8):  
Ik bin it ljocht fan 'e wrâld;  
dy't efter My oan komt, sil net yn it tsjuster omrinne,  
mar hy sil it ljocht fan it libben hawwe.

Libben dat werklik sterker is dan de dea,  
net in libben yn oantinken, yn 'e geast, mar it werklike libben.  
Ljocht dat werklik it tsjuster oerwint,  
net it ljocht fan moaie wurden en blide dreamen, mar it werklike ljocht.  
Dat libben en dat ljocht is it wûnder fan Peaske.

Dat wûnder giet der net samar yn by minsken.  
Der binne fragen en grutte skrik by de froulju by it grêf,  
der is ûnleauwen en ferwûndering by de apostels.  
En krekt mei dy minsken begjint de tsjerke,  
sis mar mei it fertellen fan de froulju, oer harren fragen en skrik,  
en mei de ferwûndering fan de apostels, dwers troch it ûnleauwen hinne.  
Dat wurdt de mienskip fan Peaskeminsken dy't beliidt:  
wy leauwe dat wy op Gods wurd fertrouwe kinne,  
wy leauwe dat ljocht en libben sterker binne dan tsjuster en dea,  
wy leauwe dat dat it evangeelje is fan ús Hear Jezus Kristus, dy't seit:  
Ik bin it ljocht fan 'e wrâld  
en asto efter My oan komst, dan silst net yn it tsjuster rinne,  
mar dan silst it ljocht fan it libben hawwe.

Wa't Jezus folgje wol hoecht net de hiele dei yn tsjerke te sitten  
of yn in kleaster of op in wazich wolkje,

mar it giet om dyn hiele libben, om dyn hert en siel, om dy ferstân en dyn wollen,  
om watsto seist en dochst, op snein en troch de wike,  
thús, op skoalle, op it wurk, yn it doarp en yn 'e stêd, yn tsjerke en yn 'e keet.  
Op Goed Freed hawwe we hjir yn tsjerke lêzen hoe't Jezus seit:  
Asto my folgje wolst, dan moasto dysels weisiferje en dyn krús opnimme.  
Dat betsjut net dat ik in sloofke wurde moat en it lijen opsykje en ferhearlikje,  
Mar it betsjut dat wy net mear ússels yn it middelpunt fan ús libben sette  
- fan wat ik wol en winskje, wat ik plan en presteanje, wat my goed tinkt -  
mar dat wy ús hechtsje oan de Hear Jezus, dat wy ús mei him ferbine,  
oan him fêstplakke en mei Him ús libben op God rjochtsje,  
meigeane yn de beweging fan Gods Geast, libje út Gods leafde.  
Leafde, dêr giet it om: God leafhawwe mei hert en siel, mei alles wat yn dy is  
en dyn meiminsken leafhawwe as dysels, oansjen mei de eagen fan Gods leafde.

Asto hechtest oan de Hear Jezus, dan moatsto mei him meilije,  
want wy minsken meitsje in protte libben stikken,  
en ús dwaan en litten kin faaks it ljocht net ferneare.  
En asto dy hechtest oan de Hear Jezus, dan moatsto likegoed as Hy  
as minskebern troch it tsjuster en de dea hinne.  
Mar it leauwen en de freugde fan Peaskeminsken is  
dat it tsjuster en de dea net it lêste wurd hawwe.  
No al meie we mei de Hear oerein komme yn Gods ljocht en it nije libben oandwaan,  
yn de blide hope fan Gods nije skepping, foar ivich.

Amen.

SJONGE: GESANG 210: 1,2,4 (ûnderwylst komme de bern werom)

GEBEDEN

TELLING VOICES SJONGT IN LIET

SEINE

Wy geane no de wrâld wer yn, elk op ús eigen plak.  
Wy meie dêr gean as nije minsken yn Gods ljocht,  
as neifolgers fan ús Hear Jezus Christus.  
Wy meie gean mei de seine, mei de goede wurden dy't de Hear ús taseit,  
om dy te dielen mei de minsken om ús hinne.

De genede fan ús Hear Jezus Christus en de leafde fan God  
en de mienskip fan 'e Hillige Geast, wês mei jimme allegearre. Amen.

SJONGE: SJONG MAR MEI 89

IT OARGEL SPILET